

Spinnereach en barbypop

FD 31-5-'0

Roman

troch Yvonne Dijkstra

Yn 2003 debutearre Greet Andringa mei de ferhalebondel *De diggels fan Che*, dy't ûnder oaren erkenning krige yn de foarm fan in Fedde Schurerpriis-nominaasje. Mar no, goed fjouwer jier nei har debút, kinne we hielendal net mear om Andringa hinne: mei *Libben reach* hat hja in fassinêrjende en aktuele roman ôfleverre.

Geeske, troud mei Douwe en mem fan Tjitske en Marten, liket sa op it each alles te hawwen: útdaagjende baan, twa sûne berntsjes, aardige keardel. Mar dat it oars wêze kin as it liket, wurdt dúdlik as Geeske op in dei in ûngelok begiet oan har dochterke. Fan dat stuit ôf stiet har libben op 'e kop

Geeske besiket om wer gryp op har libben te krijen troch antwurd te finen op de fraach hoe't hja komme koe ta sa'n died. Dêrfoar dûkt hja yn har eigen skiednis dy't, sa docht al gau bliken, ûnmooglik los sjoen wurde kin fan de famyljeskiednis.

De famylje fielt foar Geeske oan as in libben reach dat har smoart. Sa binne der de fiif muoikes dy't grutbrocht waarden yn in kommunistyske húshâlding mei in bytiden tirannike en ûnredelike heit en in sêftsinnige Dútske mem. De famkes, dy't troch harren eftergrûn - se wurde bygelyks troch heit meinommen om kommunistyske pamfletten út te suteljen - útstjitten wurde út oare ferbannen, ûntwikkelje in hechte bân mei inoar. Yn duo's

besylkje hja de sitewaasje treast te wêzen. Jongste muoike Elza falt der wat bûten mar foarmet mei de dochters fan har âldste susters, Geeske en Nynke, in trijespan. Nynke wurket yn it ferhaal as in soartemint fan kontrast foar Geeske: hja is it krekt wat âldere, moaiere en suksesfullere nichtsje, dêr't Geeske tsjin ôfsetten wurdt.

Stadichoan weeft Andringa fan it earst sa smoarende reach fan famyljerelaasjes in ymposant web, en komme Geeske én de lêzer ta begryp. En dat allegear yn aktueel taalgebrûk en by tiid en wile tige ferfrissende byldspraak. In moai foarbyld dêrfan is bygelyks: 'Myn antwurd smakket nei barbypop: by goed trochbitten blykt der neat te sitten ûnder de strakke foarmen en de rôze

glitter' (side 157). Sûnder ea yn in barbypop biten te hawwen, koe ik my dat byld dochs daalk foar de geast krije.

It ferhaal stûket nearne, ek foar in grut part troch de goedrinnende dialogen, dy't geweldich binne wânt natuerlik. Tige knap fûn ik bygelyks it earste fraachpetear mei pake en beppe, dat Geeske opnimt mei in cassetterecorder. Achterôf harket hja it petear werom, ûnderwilens oanfoljend wêr't hja op dat stuit bygelyks net troch doarde te freegjen: „Mar ik haw totaal fertrouwen yn dy man!” beslút beppe no ynienen dat sy no wier oan bar is. „En ja, dat gefoel haw ik noch. Dy man dy waard my yn myn libben set!” Is dat wier beppe? Wie dat fertrouwen der, hat it der altyd west en is it

der noch? Of woe beppe dat alinnich mar stjerrende graach? It is wer sa'n fraach dy't ik net steld ha. Hy kaam op dat stuit net iens by my op, al fernaam ik oan myn búk wol dat wat der sein waard net oerienkaam mei wat ik seach. 'Ja, sis ik braaf op it bantsje.'

Der is neat wat nijsgjirriger is as famyljerelaasjes, tagelyk is der ek neat wat lestiger is om oer te skriuwen. Nammerste knapper is it dat Andringa der sa goed yn slagge is om har steande te hâlden. Sterker noch: hja hat mei *Libben reach* in dyk fan in boek delset!

i *Libben reach*,
Greet Andringa.
Friese Pers Boekery,
17,50 euro

